
KRYPTOGRAM 297a

Le… Graa…se oplossing apart ynstjoere!
De winners wurde bekend makke op de earstfolgjende Fryske puzelside.



Horizontaal

1 By moai waar yn Thialf (7)
5 Broeibakken fan de fiedselbank (11)
6 Boatsje dat lêst fan de wyn hat (7)
8 Skieppeglês (4)
9 'Don't say Surabaya to this island' (5)
10 Lekke beamfrucht (5)
12 Gelokkige klant fan de fleisôfdieling (10)
15 Kleankastje (6)
18 De finish is fan mear gewicht (8)
19 Der wurdt fan dronken, mar dêr kin wy net mei sitte (10)
21 Dêr 't it abbekateduo har boat mei fêstleit (13)
22 Donearre in keallepoat (5)
23 It jild dat wy noch krije moatte foar it húsrie (10)
24 No, bleat hat wol oansjen (7)
26 Parlemintêr spultsje (15)
27 Sûnder kolleezje wurde gemeenten wanhopich (9)

Fertikaal

1 Eksplosyf bist yn de gymnastykseal (9)
2 Dei fan de frede (5)
3 Kommunikaasjeskip (10)
4 Rynsk mei Spaansk jild (6)
5 Wa 't dy makket, is allinne op reis (7)
7 Romte yn in militêr sikehûs (15)
11 Deiblêd dêr't wy wat fan leare kinne (11)
12 Giet mei in salto oer it skouder (5)
13 De famylje Duck efter traaljes (8)
14 Oan tiid bûne klean (10)
15 Bisten by de brânwar (7)
16 In nierstien op it spoar (9)
17 Yn 'e grûn net echt in wapen (10)
20 Maartske kat dy't net yn 'e hûs bliuwe wol (8)
25 Muzykstik dat foar de operaasje spile wurdt (5)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 6 - 10 - 27 - 23 - 9 - 24 - 16 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan **Kryptogram 297a**. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 297a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **3 decimber** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekebon t.w.v. €15,-** ferlotte.

OPLOSSINGEN WIKE 45

Kryptogram 296a:



Plaknamme:
TEARNS
Winner Boekebon:
P. Paulusma, Hallum